

Tûzen blommen

foar de Stifting Krúspunt

Hoe krije wy Fryslân oan it sjongen

Gjin hûndert blommen, nei Huub Oosterhuis, mar mannichfâld.

Lieten, sammele lieten.

Opnommen yn bondels fan eartiids.

Fan no, mei it Lieteboek, Hertslach en Lieten fan Leauwe en Langstme.

Wa wit is der noch mear ûnderweis.

Bondele is de oerlibbingskâns grutter.

De fraach inkele tinzen hjiroer te dielen – tank oan Sipke – stimde my beskieden.

Fansels is der **gjin “hoe” sûnder “werom”**.

Wat driuwt ús om it út te sjongen.

Te skriuwen, te dichtsjen, te musisearjen, te belibjen.

Yn de wurden fan **Einstein**:

“the most beautiful thing we can experience is the mysterious. It is the source of all true art and all science”.

Hy sei ûnder mear: “I often think in music. I live my daydreams in music. I see my life in terms of music”.

Derom sjonge wy.

Wy kinne net oars. It sit deryn, it wol derút.

Wurden op muzyk is mear.

Mei-inoar sjonge ferbynt, mei ús ferline, it jout ús hope.

Oer it **hoe** tocht ik daliks oan:

“wa (net) sprekke kin, kin sjonge” (Jan Kortie)

Nimmen is útsletten.

Wy sjonge

Troch it te doaren

Skamte te oerwinnen

Troch it te dwaan

Om’t it streamt

As fansels

Wy sjonge út ús hert wei

Ik hearde yn mysels de wurden

(oerset) “Immen begjint te gean, begjint te sjongen” (Oosterhuis)

Koartlyn siet ik njonken immen dy't net tocht sjonge te kinnen
Mar ik hearde wat. It kaam djip wei.
In universele meldij.
Sjongende moetsje wy inoar

In pear jier ferlyn brocht ik in wike troch yn Skotlân.
It tema wie "Unlock your voice, unlock yourself"
It wie in ûntdekkingsreis.
Net oer moai of suver.
Al oer fan binnen út,
Mei hert en siel, trochgeand, mei en sûnder lûd.
Yn 24 oeren stilte.

Teksten op meldijen, soms ferskate, helpe om it fêst te hâlden.
De earste lieten. Ús ferhalen. It narrative.

Op in meldij komt in tekst ús samar wer yn it sin.
Teksten kinne wy better ûnthâlde op in ritme, mei in meldij, ek al kinne wy de taal somtiden
noch net befetsje.

Sjonge slipet ús kollektive ûnthâld.
It makket frij.
It ferlichtet (wurksongs, spirituals).
It nimt ús mei yn 'e ûntjouwing fan wurden en taal.
It sil net stilstean
Ek net ús reis op it mêd fan it leauwen.
Fan ienfâldige fersen oant komplekse gedichten.
It is tichteby, ienstimmich en yn harmony.
Soms wringt it en dat moat ek sa wêze.

Der kin net genôch songen wurde. Ferhalen wolle ferteld wurde.
Ik wie sa lokkich en krige it mei, as bern, as famke en noch kin ik my sa it bêste úterje.
Us mem hat grif songen doe't sy swier wie.

No **Fryslân** noch.
Mei har sjongende memmetaal, yn tal farianten.
Tsjerklik Fryslân noch.
Liturgyske teksten.
Lokkich sjonge wy geregeld Frysk yn tsjerketsjinsten, mar sil it sa bliuwe? Hat it takomst?

Myn **hope** is dat der altyd immen is dy't begjint te sjongen
Oansteklik
Dy't boarnen brûkt
Op meldijen dy't werkend wurde.
Dat oaren ynfalle, mannichfâld.

Wy kinne foarbylden fan oanstekkers, fan pleitbesoargers, fan folhâlders.
Litte dy der altyd bliuwe.
Lit ús dy sykje en romte jaan.

*Myn **dream** is
dat it fanselssprekkend wêze soe om mearstimmich te sjongen.
Dat dit tradysje wurde mei. It soe sa passe by ús Fryske natoer.
Dat it brûken fan Frysktalige lieten net ôfhinklik is fan in lokale tsjerke of bestjoer.
Dat in leechdromplich basiskoar it fjoer geande te hâldt dat û.m. mei it Kwarttekoar
oanstutsen is.
Dat ripperearet yn Midden Fryslân.
Dat de fersen te finen binne op Youtube.
Mei in oerkoepeljende hoeder, bygelyks de Stifting Krúspunt.*

Lit út de bondels wei tûzen lieten klinke.
Lit ús sjonge as klysters.

Ek it slot fan dat moaie ûnbegryplike fers:

*Mei eagen trienjend
hast blyn fan sykjen
nei in plak dat wetter jout*

(Oosterhuis)

Dank dat duizend bloemen bloeiden
(Dank u heer voor al wat leeft, melodie psalm 150)

Tankewol

Tryntsje van der Veer

58. HONDERD BLOEMEN

Honderd bloemen mogen bloeien grond en lucht genoeg voor alle zaden knollen anjelieren – stenen moeten stenen blijven mensen vliegen hoog als goden maar de zuring en de klaver mogen bloeien honderdvoud.

Korenbloemen, flarden blauwe hemel, vlijmende papaver, morgensterren aan de dijken, flemend om gezien te worden, woekerend in de populieren als een nest de maretak, de bloem der zoenen, bitterzoet.

Op zijn stekelige stengel bloeit en treurt de kale jonker en geen vlinder zal hem vinden. Tronken zullen twijgen dragen varens op bevroren ruiten zullen wuiven, bloeien mogen honderd rozen van papier.

Broos op stelen ongebroken wild en blindelings verstrengeld in spelonken op de vaalten tussen schotsen ijs en boeken op de graven mogen bloeien alle ongelijk eenzellig honderd bloemen zonder naam.

In een woud van droomgewassen stenen wortels stalen webben tochtig labyrint van woorden woont een mens op brekebenen, lelie van het veld, met ogen tranend bijna blind van zoeken naar een plek die water geeft.

Huub Oosterhuis

Leed en wille

As it gelok mei tûzen blommen
Us om de kroeze lokken waait,
En 't wyld gemoed, ferwend fan 't krommen,
It swerk net sjocht dat oer him swaait;

Dan komt it leed mei tûzen pleagen
En bûket ús ferbolgen hert;
Driuwet skerpe triennen ús út de eagen;
Wy wurde wiis, mar faak to let.

Dêr stean wy dan...hoe lyts! ferlegen!
As frjemden yn in woastenijs.
No komt in ingel út den hegen,
En stiet it earme skepsel by.

Dêr seit hja yn har himeltale:
'Drink, minsk', dit mingsel ta dyn dead!'
En rikt ús freonlik ta in skeale
Mei blomt' bekrânze, wyt en read.

'Dyn libbensbeker is fol wille,
Mar 't swartste leed leit ek 'eryn;
Lit dochs ferstân dyn lusten stille!
Oars drinkst dy dea oan har fenyn.'

Dy skeale moat elts minske drinke;
Dat is de wrâld; dat is dyn lot.
En of wy fleurje, stige, sinke,
Wy binne yn dy macht fan God.

Sa binn' de blêden dy hjir lizze,
Besonge yn nocht, beskriemd yn need;
De sinnefleagen, dy hjir sizze:
'No hien' se wille, no wer leed.'

Nim, rûne, nomm'le Fryske ljuwe,
It Fryske, dat ús hert hjir biedt,
En of wy rize, sinke, driuwe,
Leaf bliuw' ús Fryske taal en liet!